

Notitie aan: Leden AVVF
Van: [REDACTED], [REDACTED] Fryske Taal
Onderwerp: Friestalige verkeersborden

Status: Ta kundskip
Gevraagd besluit: Gjin

Aanleiding

Op 14 jannewaris hat it kolleezje fan Deputearre Steaten bekendmakke dat se graach per 2026 Frysk-Nederlânske ferkearsbuorden op de provinsjale diken yn it Fryske taalgebiet ynfiere wolle, konfoarm mei de ôfspraken makke yn de [Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028](#) (Haadstik 3, kêst 3.2.1, side 54).

It folsleine DS-beslút is hjir te finen: [Beslutenlijst Gedeputeerde Staten 14 januari 2025 | Fryslan](#).

Om't de provinsje allinnich foech hat oer de provinsjale diken, mar yn it ramt fan ferkearsfeiligens wol in unifoarm strjitbyld neistribbet, wurdt dit ûnderwerp mei de mei-oerheden bepraat om te ûndersykjen wat de mooglikheden op de diken ûnder harren behear binne.

Toelichting

Op it AVVF op 12 juny is it ûnderwerp oangeande meartalige ferkearsbuorden yn dit fermidden al yntrodusearre en is der tasein dat de provinsje de gemeenten op de hichte hâlde soe op dit dossier. Op dat stuit wie it boppesteande beslút noch yn ûntwikkeling. Yn dizze gearkomste nimt [REDACTED] jim mei troch dit beslút, sil de fraach oan de gemeenten en it Ryk en it tiidspaad fierder taljochtsje.

Sa as op 12 juny ek al oanjûn is, is der yn 'e tarieding op dit beslút ek sjoen nei de potinsjele effekten fan meartalige ferkearsbuorden op de ferkearsfeiligens. Op basis fan ûnderfiningen yn oare minderheidstaalregio's dêr't twatalige ferkearsbuorden al langer de noarm binne is it útgongspunt fan de provinsje dat meartalige ferkearsbuorden op de provinsjale diken gjin negative effekten ha sille op de ferkearsfeiligens.

Dêrby is wol in nuansearring op syn plak dat dat útgongspunt jildt yn it gefal dat de buorden sekuer en op basis fan ûndersyk en 'best practices' ûntworpen en yntrodusearre wurde. De provinsje draacht soarch foar it ûntwerp fan dy buorden. De kommende tiid sille de buorden ûntworpen wurde om dêrnei foarlein te wurden yn de ferskate relevante bestjoerlike fermiddens (BO Mei-Inoar foar it Frysk en OVVF).

De kommende tiid wurdt oan de gemeenten frege om te sjen nei de kânsen op harren diken en yn kaart te bringen wat sa'n ferfryskingsslach op harren diken betsjutte soe. Ek wurdt der bestjoerlik fierder it petear oer fierd. It útgongspunt is dêrby dat unifoarmiteit yn it strjitbyld foardielich is foar de ferkearsfeiligens.

Gevraagd besluit

Gjin

¹ Alle Fryske gemeenten útsein de Waadeilannen en Weststellingwerf (artikel 5.3, Wet Gebrûk Fryske Taal, [wetten.nl - Regeling - Wet gebruik Friese taal - BWBR0034047](#))

Bijlagen

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen